MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: PVV, Harrie Graansma Mei-yntsjinner(s): VVD, Gerda Bos	

Moasje nr.	
Paraaf	
Wurklistpunt	
Beslút	

MOASJE, eks kêst 31 Reglemint fan oarder

Steategearkomste	19 juni 2024
Wurklistpunt	6 - Beliedsnota Fryske taal 2025-2028
Koarte titel fan de moasje	NRK-ûndersyk taalbelied

De Steaten, yn gearkomste byinoar op 19 juni 2024 heard hawwende it berie;

Konstatearjende dat:

- It kolleezje yn it beliedsnotysje oanjout dat by ûnferoare belied, de takomst fan it frisistyk en de Fryske taal yn gefaar komt;
- Der yn de ôfrûne jierren ferskate miljoenen oan mienskipsjild ynvestearre binne foar it behâld en it befoarderjen fan de Fryske taal;
- It totale budzjet foar it beliedsfjild taal foar de beliedsperioade 2025-2028 omtrint € 96 miljoen bedraacht;
- Nettsjinsteande de wichtige ynvestearrings, der noch altyd in tekoart is oan Fryske eksperts lykas ûndersikers en learkrêft oplieders;
- Der ek in tekoart is oan learkrêften Frysk yn it basisûnderwiis en dosinten Frysk yn it fuortset ûnderwiis en it hbo;
- De NRK earder ek krityske befiningen presintearre hat yn har ûndersyk nei it kultuerbelied;
- Oant no ta gjin ûndersyk troch de NRK útfierd is nei it Frysk taalbelied;
- De NRK neffens art. 4 fan de mienskiplike regeling Noardlike Rekkenkeamer, de taak hat om de doelmatigens en de rjochtfeardichs fan it troch DS foarde belied te ûndersykjen.

Oerwagende dat:

- Er struktureel grutte publike finansjele middels ynset wurde foar it Frysk taalbelied;
- It is fan grut maatskiplik belang om de effektyfens en doelmatigens fan dit belied te evaluearen, yn it bysûnder it effekt fan de maatregels dy't de ôfrûne jierren nommen binne;
- In grûnige analyze fan it Frysk taalbelied kin liede ta it identifisearjen fan suksesfolle strategyen, nije ynsichten en ynnovative oanpakken foar de takomst;
- It behâld fan it Frysk net allinne fan kultureel en histoarysk belang is, mar ek bydraacht oan de regionale identiteit en sosjale koheezje;
- It warberjen fan trochsichtichheid en ferantwurding by de besteeging fan mienskipsjild fan essinsjeel belang is foar it draachflak en it betrouwen ûnder de

befolking; - It is fan belang dat in ûnôfhinklik en objektyf orgaan lykas de NRK dit ûndersyk útfiert om de leauwberens en betrouberens fan de resultaten te warberjen; - De NRK hat de ekspertize en middels om in dergelik ûndersyk effektyf út te fieren; - De Fryske leden fan de Ried fan Advys fan de NRK hawwe de nedige kennis en belutsenheid om relevante en rjochte ûndersyksfragen op te stellen.
Sprekke har út: - Dat it winsklik wêze soe as de NRK ûndersyk docht nei de doelmatigens en doeltreffendens fan it Frysk taalbelied, mei bysûndere omtinken foar it effekt fan de yn 'e ôfrûne jierren nommen maatregels; - As Steaten by de NRK it fersyk del te lizzen oft sy ree binne om sa'n ûndersyk út te fieren.
en geane oer ta de oarder fan de dei

Yntsjinner(s)	PVV, Harrie Graansma VVD, Gerda Bos